

Wof Wof

1.

wistest dat de hûn yn de oertiid noch hielendal
net blafte?

dat dy frolikert, in heale wolf noch, spesjaal om mei apen te praten de bek ferfoarme
en sa ús âldfaars earste simpele klachten, twifels en kommando's neiboatste:

-oef! -of! en -af!

yn de tiid dat heale apen yn it hert fan tsjuster afrika mei bonken swaaiden as
soenen se dêr -foar de fûst wei bile - in beam mei omslaan kinne

wistest dat sa ier al in bân ûntstie tusken ien fan ús en in heale wolf, dy't, sa learden
wy -útlitten - yn de loop fan letters, in trouwe makker hite mocht en syn lûdroftich
-wof wof wof! -dat makke it bist no krekt sa'n bêste bewaker

mienden ek de egyptenaren
dy't neffens de sinema (sabeare) de poes ferearden
mar in hûn, dy namen se mei oant yn it grêf

en miskien is it kul, miskien bliuwt dit foar altyd ferburgen, djip weistoppe op brokjes
papyrus yn de meast ferlittene, syryske grotten:

dat by de geboarte út de bibel skuorde evangeeljes stûn dat de skepper net in herder
stjoerde foar syn skiep mar in herdershûn
(syn eigen)

2.

it wie op in snein -in molkwite moarn
toen it krekt eefkes hiel lekker noflik en stil wie
dat machten út de heliosfearen
delmarsjearden
mei buorkundich toeterblazen, sinneweinen en foar kapitalen yllegaal knalfjoerwurk

it folk dêr ûnder de wolken
hie alle reden om te klagen

3.

keizerriken ferrekke (earme frânsen, sjinezen en amerikanen) en soldaten út spanje
dy soenen oan by willem van oranje

net om te kaarten of in praatsje oer it waar, mar om de fader fan it faderlân (dy't
sliepte) foar de takomst wei te stekken

-syn hûn slikke him wekker

de barbaren stienen al midden yn de keamer
en wat tinkst dat dy noch dienen?

-gjin sek mear

(smoarge speksjitters)

(olé !)

(dan kinst alles wol kultuer neame)

by it tsjerkhôf oan de ljouwerter spanjaardsleane leit in stien mei in gedicht fan jean
pierre rawie, de meast oanhelle dichter yn rou-advertinsjes

(dat neam ik pas kultuer)

4.

hâldsto ek sa fan gedichten (stiennen rymjend by de dea)
hâldst fan monuminten, stânbylden, pleinen, tsjerken, warskôgings tusken de tegels
fan 't trotwaar

ONZE STOEP IS GEEN WC

WIJ HOUDEN VAN JE HOND
MAAR NIET VAN ZIJN

HEY HEY HEY!

in hûn hoecht net in gedicht
dy wol frijheid

in frijheid dy't jin op de hûd sit
en ûnder de hoed
en yn in skrift
fan fûgel ritmes
en kwinkelearen hits

dy sit
 mei de bek
 ta it spek
 oan it spit
wof wof!
(smoarge hûn datst bist)

 mei de bek
 ta it spek
 oan it spit

5.

wy ha prachtich ark tsjinwurdich
spul dat nooit wer bonke wurdt
en at it stomp rint tink dan:
tunen muorren, hikken
pierre rawie njonken it skrinkelhôf
en midden yn de doarpen
tsjerken, foar de alderheechste
dy't in heale minsk op ierde stjoerde
en wis gjin trouwe makker

6.

wistesto dat adolf hitler ek in hûntsje hie
krekt as john f. kennedy, krekt as kuifje en dat brave famke út *de tovenaar fan oz* en
dat de frânse sint bernhard berry mear as fjirtich minsken út de bergen rêde?

do hast dêr fierder neat te sykjen mar

op in bonkefjild
yn fier parys

stiet foar him dit monumint

“chez berry ”

ús trouwe freon
in maat foar elk
en in bêste bewaker